

Preek oer Lk.5,8 (Oerterp / Fryske Peallen, 25-11-12)

Ps.66:2,4

Liet 7:1,2,4 (moarns)

L Lk.4,31-5,11

Ps.69:1,4

T Lk.5,8

Ges.115

Ges.161:4 (middeis)

Ges.110 (nei kollekte)

Gemeente fan 'e Heare Jezus,

[ppt] “Gean by my wei, Hear, want ik bin in ferkeardenien”. Apart hin? Dat Petrus him sa min fielt as Jezus by him oan board kaam is. It foel de jongerein mei wa’t ik dit it ferhaal behannele ek fuortendaliks op. Je soenen ommers sizze dat Petrus sa bliid as in protter wie, dat Jezus him sa’n soad fisk besoarge, dat de netten suver skuorden. Mar Petrus is dea-ûngelokkich. Hy kin earst wer bliid wêze, as Jezus út syn libben ferdwynt. Hoe kin dat no?

[ppt] Neffens ien fan 'e kategisanten kaam dat dêrfan dat Petrus him skamme oer syn eigen twivels. Hy hie ommers tsjin Jezus sein: “Master, de hiele nacht hawwe wy yn 't spier west en neat fongen, mar as Jo it sizze, bring ik de netten út”. Die doe net bliken dat hy der djip yn syn hert gjin barst fan leude dat er no ynienen wol fisk fange soe? Bêst genôch, hy woe it net noch wol ris útbringe. Mar hy wist yn 't foar al dat it neat opsmite soe.

Mar dêr wie in oarenien út 'e groep it folslein mei ûniens. Dat Petrus syn netten noch ris útbringt, dêr sprekt just in grut fertrouwen út. Al ha se ek de hiele nacht yn 't spier west en neat fongen, as Jezus it seit, bringt er it net noch ris út. Sa stiet it der dochs: “As Jo it sizze, bring ik de netten út”. Petrus leaut Jezus dus op syn wurd. Gjinn spoar fan twivel. As Petrus dêrnei dochs seit: “Gean by my wei, Hear, want ik bin in ferkeardenien”, is dat dus net om't er him skammet oer syn eigen ûnleauwe. Mar wêrom dan al? Lês mar wat der dan stiet: “Hy en syn maten wienen alhiel ferbjistere om de haal dy't se mei it fiskjen dien hienen”. Dêrom seit Petrus dus: “Gean by my wei, Hear, want ik bin in ferkeardenien”.

[ppt] Hy fielt him fierstente lyts en wês by Jezus. Jezus' macht is sa grut, hy wurdt der suver benaud fan. It is krekt oft er in wrâld yngien is dêr't neat mear normaal is. Dat benearet Petrus. Hy lit leaver alles mar by it âlde. No wit ik noch wêr't ik oan ta bin. Mar by Jezus witte je dat noait. Wêr kom ik telâne, as ik Jezus yn myn libben talit? It fleant Petrus sa bot oan, dat er allinnich stammerje kin: “Gean by my wei, Hear, want ik bin in ferkeardenien”.

Wa hat no gelyk? “Gean by my wei, Hear, want ik bin in ferkeardenien”, seit Petrus dat omdat er

him skammet oer syn eigen ûnleauwe of seit er dat omdat er bang is foar Jezus' macht? Fielt Petrus him te min of fielt Petrus him te lyts?

[ppt] In famke út 'e groep brocht my op in spoar dat wol ris ta in oplossing liede koe. Sy besocht har ris yn Petrus yn te libjen. Wat soe ik dien ha, as ik sûnder Jezus oan board neat fongen hie en mei Jezus oan board safolle fongen hie dat myn boatsje omtrint sonk? Soe ik my dan sûndich field ha of soe ik benaud wurden wêze? It aardige wie dat dat famke eins net wist hoe't se har dan fiele soe. Se fernuvere har deroer dat Petrus fuortendaliks foar Jezus op 'e knibbels foel. **[ppt]** Dat hie sy wol net dien, tocht se. "Sa bin ik net. Sa'n Petrus, dy falt fansels halje-trawalje foar Jezus op 'e knibbels. Dat wie ek sa'n entûsjasteling. Die drekst wat him ynfoel. Blafte der ek wol ris dingen út dêr't er letter spyt fan krige. Mar sa sit ik net yninoar. **[ppt]** Ik soe sa'n wûnder earst ris yn alle rêst ferarbeidzje moatte. Ik wol mar sizze: As je sokssawat meimeitsje, dan binne je dochs alhiel ferstuivere? Ik soe wier net witte wat ik hjir fan tinke moast. Ik soe my noch ris achter de earen klauwe, stil myn netten útspiele en thús wat dom foar my útsjen. Ik soe der noch ris in nachtsje oer sliepe wolle. De oare oarns soe ik wer nei myn boatsje weromgean. It soe moai wêze at Jezus der dan ek noch wie. Mar Dy wie fansels al wer fierder". Ik frege it famke: "Dus dyn boat op 'e wâl sette, de hiel boele dêr lizze litte en Jezus folgje lykas Petrus, dat hiesto net dien?" "Nee, tink it net". "Dan hiest Him dus wol misrûn". "Ja, tink it wol".

Ik tink dat der mear minsken kreksa reägearre hienen as dat famke op kategisaasje. Do bist gewoan net sa ympulsyf as Petrus. Do seist net altiten drekst watst tinkst. Do hast gewoan wat mear tiid noadich. Miskien praatst der ris hiel hoeden oer mei ien dy'tst fertrouwt. Miskien ek wol net. Want wa soe dy leauwe ast ferteldest watst no meimakke hiest? It fansels moai om in tige bysûnder foarfal mei in oar te dielen. Mar it moat fansels net te gek wurde. Wêrom soest in oar yn 'e pine sette? **[ppt]** Sa'n foarfal past gewoan net by it libben sa'tst it kenst. Wêr komst út ast hjir yn meigiest? Wat stiet dy te wachtsjen ast Jezus folgest? As dit it begjin is, wêr is dan de ein? In libben dêr't de netten somtiden leech yn binne, kinst better brûke as in libben dêr't de netten sa fol yn binne. Safolle goedens, wa kin dat oan?

[ppt] Underwilens haw ik oan de twadde útlis dy't op kategisaasje jûn waard mear gelyk jûn as oan 'e earste. As Petrus seit: "Gean by my wei, Hear, want ik bin in ferkeardenien", dan is dat net yn it foarste plak omdat hy him sa min fielt, mar omdat hy him sa lyts fielt. Miskien hat Petrus him ek wol wat skamme oer syn twivels. Want foar't er syn netten op 'e nij útbringt, moat er dochs eefkes kwyt dat er de hiele nacht al yn 't spier west hat en neat fongen hat. As moast er him in hâlding jaan foar't er de ried fan Jezus opfolge. Mar hy joech wol om sizzen. Safolle fertrouwen hied er wol yn Jezus dat er it net yn 'e kop krige en sis tsjin Jezus: "It spyt my tige, Master, mar wy hawwe de hiele nacht al yn 't spier west en neat

fongen. Dat by ljochtskynde it net noch ris útbringe, dat is skande fan 'e tiid. Jo sille in soad witte fan it Keninkryk fan God. Mar fiskjen, dêr ha Jo gjin ferstân fan. Dogge Jo jo ding, dan doch ik myn ding". Nee, Petrus lit Jezus net allinnich ta yn syn boat, hy lit Him ek ta yn syn wurk en yn syn libben.

Petrus wit faaks net wat er dêr krekt fan ferwachtsje moat, mar hy hat ek gjin reden en ferwachtsje der neat fan. Hy hie ommers sels sjoen dat Jezus spruts mei nij gesach. [ppt] Miskien wied er der wol by, doe't Jezus yn 'e synagoge fan Kafárnaüm mei ien wurd in man better makke dy't in duvel ynhie. Want doe't Er út 'e synagoge weikaam, rûn Er by Simon oan. It soe my gjin nij dwaan as Petrus Him sels útnoege hie. Want der stiet: "Petrus syn skoanmem hie slim de koarts en se fregen Him om har te helpen". Yn elts gefal wied er der wol by, doe't Jezus syn skoanmem better makke. "Jezus bûgde Him oer har hinne en ferbea de koarts. Dy gong har doe ôf. Fuortynienen kaam se oerein en betsjinne harren". Ja, it wûnder dat yn 'e synagoge bard wie, werhelle him by Petrus op 'e stoepe. Ek dêr raasden de duvels: "Jo binne de Soan fan God". As de duvels al om sizzen joegen, soe Petrus dan net om sizzen jaan?

Hy krige wol in wat frjemde opdracht: "Hâld ris op it djippe oan en bring jimme netten út foar it fangen". Petrus sil wol tocht ha dat Jezus bedoelde: "Hâld ris op it djippe *wetter* oan en bring jimme netten út foar it fangen *fan fisk*". Dochs seit Jezus net dat Petrus oanhâlde moat op in plak dêr't it wetter fan 'e mar wat djipper is. Hy seit allinnich mar dat Petrus op 'it djippe' oanhâlde moat. Mar wat Er dêrmei bedoelt?

Der binne skippen foar de binnenfeart dy't deselde namme hawwe: 'Hâld op it djippe oan'. Allinnich stiet it der dan yn it Latyn: 'Duc in altum'. [ppt] Miskien ha jo wol ris in skip mei dy namme sjoen. Tink der oars mar ris om as jo te wachtsjen steane by in brêge of in slús. As ik skipper wie, soe ik gjin moaiere namme foar myn skip witte as dy namme. Dat soe in belidenis wêze: Mei Jezus oan board doar ik op it djippe oan te hâlden. Dat is net allinnich foar skippers in moaie belidenis. It soe it biedwurd fan alle kristenen wêze meie. Bist as kristen in kustfarder, dy't ticht genôch by de wâl bliuwt om noch kenpunten sjen te kinnen: dêr dy fjoertoer, dêr dat beaken, dêr dy dunen, dêr dat eilân? Of doarst de fêste wâl achter dy te litten en in koers te farren dy'tst net oersjen kinst?

Petrus kaam der pas achter wat Jezus bedoelde mei syn wurd: "Hâld op it djippe oan", doe't der sa'n soad fisk yn syn netten swom, dat se omtrint skuorden. Ek de boat fan Jakobus en Johannes sonk omtrint, doe't dy Petrus te help kamen om de fangst bergje te kinnen. Netten dy't skuorre, boaten dy't sinke, dat bart der as Jezus yn dyn libben komt.

[ppt] De evangelist Johannes seit it sa: "Ut syn oerfloed hawwe wy allegearre de iene

genedejeft nei de oare krige". In bettere typearring fan wat Petrus hjir oerkomt, kin ik net jaan. Hy wurdt ynienen bedobbe ûnder in oerfloed dêr't er bang fan wurdt. Jezus docht hjir folle mear as it kwea fan in minne fangst goedmeitsje. De oplossing is folle grutter as it probleem. Of binne Petrus' problemen folle grutter as er sels trochhat? Binne de problemen dêr't wy mei wrakselje mar it topke fan 'e iisberch? Sit der ûnder de dingen dêr't wy mei sitte in djipte fan mislearring, fan skuld, fan ferfrjemding, fan iensumens? Wol Jezus dy dêrom folle mear jaan asto sels tochtst datst noadich hiest?

Kinne jo jo yntinke dat Petrus, as him sokssawat oerkomt, net mear te sizzen wit as: "Gean by my wei, Hear, want ik bin in ferkeardenien"? **[ppt]** Ynienen fielst dat Jezus folle mear mei dyn libben wol asto sels mei dyn libben wolst. Mar kinst dat wol oan? Bist net fierstente swak en kom yn dat krêftfjild? Bist net fierstente min en ferdraach safolle goedens? Petrus' netten skuorden suver. Mar feitliks wie it syn hert dat skuorde. Hie fiede: Ik haw te folle haat yn mysels om safolle leafde útstean te kinnen. Myn eagen binne te bot oan 'e skimer wend om it ferneare te kinnen as Jo ynienen it ljocht oandogge. Lit my mar leaver allinnich mei myn eigen ûnfrede. Want Jo frede kin ik net oan.

Kenne jo der wat fan, broers en susters? Kinne jimme jim dêr wat by yntinke, jonges en famkes? En ast dêr no neat fan kenst en dy dêr neat by yntinke kinst, soe dat dan dêrfan komme kinne datst noch tefolle likest op dy kustfarder dy't it djippe net oandoart? Mei Jezus wol in rol spylje yn dyn libben, in wichtige rol sels, mar moat Er dyn libben net oernimme? Dochs is dat it evangeelje.

"Hâld op it djippe oan en bring dyn netten út foar it rêden fan minsken", it wie Jezus syn eigen missy. In missy dy't Him djipper sinke liet as wy ús yntinke kinne. In protte minsken witte wat iensumens is. Mar net ien wit it sa goed as Hy, sûnt Er fan God en minsken ferlitten oan in krús hinge. Ik sis dat net omdat ik derop oan wol dat jo iensumens neat is by dy fan Him. Nee, ik sis dat omdat ik derop oan wol dat Hy net syn eigen iensumens, mar dy fan jo en fan dy trochstien hat. Do bist fan natuere folle iensumer ast dy fielst. Sjoch mar ris nei Jezus: sa iensum wiesto foar God, sa iensum waard Hy foar dy. As it evangeelje werklikheid foar dy wurdt, komt it gefoel oer dy hinne dat Petrus oermânsk waard, doe't syn net suver skuorde en syn boat omtrint sonk. Ik wist wol dat ik fannacht tekoartsketten wie, mar dat it sa slim wie? Ik wist dat Jezus' leafde grut is, mar dat dy sa grut is?

"Gean by my wei, Hear, want ik bin in ferkeardenien". It is oangripend wat Petrus dêr freget. Want hy brûkt itselde wurd as Jezus, doe't Dy yn 'e synagoge fan Kafárnaüm tsjin dy duvel sei: "Gean út him wei!" Dat eins seit Petrus net: "Gean *by* my wei", mar: "Gean *út* my wei, Hear, want ik bin in ferkeardenien". It is krekt as fielt Petrus him in stins dy't sawat ynnaam wurdt. Mar hy doart him gewoan net oer te jaan oan dizze Hear. Wat bliuwt der fan my oer, as Jezus de muorren dêr't ik my achter

ferskûlje omhellet? Safolle romte, safolle frijheid, safolle útsjoch, kin ik dat wol oan? Mar Jezus seit allinnich mar: “Wês net bang, fan no ôf oan silste minsken fange”.

Dat seit Er ek tsjin jo en tsjin dy, ast tebekskrildest foar in libben dat iepenleit nei God en minsken: **[ppt]** “Wês net bang”. Oftsto ek minsken fange silst? Wa sil it sizze? Mar ien ding bin ik wis fan: Mei in eangstich leauwe silst yn elts gefal gjin minsken fange. It is de eangst dy't yn in gesang út it Lieteboek sa ûnder wurden brocht is:

Wêrom moast ik jo stim ferstean
en wêrom moat ik wegen gean,
sa keal en ûnbefrede?
Hoe joegen Jo
dy ûnrêst no
yn 't bloed - is dat genede?

Fan dei ta dei mear frjemdeling,
benimme Jo my ding foar ding
en al 't fertroude_en âlde?
O bline skrik -
myn God, mei ik
mysels net iens behâlde? (Liet 484:1,2).

As dy eangst dy oanfleant, sis dan net tsjin dyn Rêder: “Gean út my wei”, mar sis: “Bliuw yn my, Hear, want ik bin in ferkeardenien”.

Amen.